

# DE LYTSE WALFISK

Boy wenne oan see. Mei syn heit en seis katten.

Moarns gie de heit fan Boy al betiid nei syn fiskersboat. Dan bleau er de hiele dei fuort. Hy kaam pas wer thús as it tsjuster wie.

Op in nacht tjirge in stoarm om it hûs.

Moarns betiid gie Boy nei it strân om te sjen wat er op it lân achterbleaun wie.

Doe't er by it wetter del rûn seach er yn 'e fierte wat lizzen.

Hy draafde derhinne en koe syn eagen net leauwe.

Der wie in lytse walfisk oanspield.

Boy frege him ôf wat er dwaan moast. Hy wist wol dat it foar in walfisk net goed is om op it drûge te wêzen.

Ik moat opsjitte, tocht er.

Boy die alles wat er dwaan koe om te soargjen dar de walfisk it nei 't sin hie. Hy fertelde ferhalen oer it libben op it eilân. De walfisk koe hiel goed lústerje.

It waard jûn en it waard al tsjuster.

Boy wie bang dat syn heit likk wurde soe as er de walfisk ûntdekte.

Op ien of oare manier slagge it him om de walfisk de hiele jûn geheim te hâlden. It slagge him ek noch om stikem wat iten by de walfisk te bringen.

Mar hy wist dat it net lang duorje koe.

Boy syn heit wie net likk.  
Hy hie it sa drok hân, dat er net yn 'e gaten hie dat Boy him wol ris iensum fielde.  
Hy sei dat se de walfisk werom nei see bringe moasten. Dêr wie er thús.

Boy wist dat dit it bêste wie, mar it wie net maklik om ôfskie te nimmen.  
Hy wie bliid dat heit derby wie.

Boy tocht noch faak werom oan de walfisk. Hy hope dat er oait, op in moaie dei...

syn freon nochris werom sjen soe.



*Fryske oersetting fan it printeboek  
'De kleine walvis' van Benji Davies*

